

DE GJALP! PUBLIKAASJES

WURD ABONNEE



GOED BESJOEN! PUBLIKAASJES

WURD ABONNEE



de moanne

MENU

Poadium foar keunst en kultuer yn Fryslân



Tryater bout Swimbad op

Publisearre op 10 april 2026

BAKKEFEAN – By iepenloftswimbad Dúndelle yn Bakkefean is Tryater begûn mei de opbou foar de lokaasjefoarstelling “Swimbad”, skreaun troch Wessel de Vries. Dúndelle foarmet yn maaie en juny it dekkôr foar dizze bysûndere lokaasjefoarstelling fan it teaterselskip. Op dit plak giet “Swimbad” nammentlik op 22 maaie yn premjêre. De foarstelling rint dêrnei noch troch oant healwei juny. De technyske crew fan Tryater boude de ôfrûne dagen it swimbad alfêst om ta iepenloftteater: de tribune stiet yntusken al (sjoch de

foto hjirboppe). Swimmers kinne yn de tuskentiid wol gewoan har baantsjes lûken bliuwe.

Foar de foarstelling, dy't op, neist en yn it swimwetter plak fynt, wurdt troch Tryater op technysk mêd alles út de kast helle. De ôfdieling Technyk fan it toanielselskip wurket der sûnt koart ek op lokaasje hurd oan om in bysûndere ûnderfining fan *Swimbad* te meitsjen. Artistyk lieder Tatiana Pratley (dy't yn 'e mande mei Aukje Schaafsma de foarstelling regisseurret) dêroer:

***'De tribune stiet der, en de earste technyk wurdt útrôle.
Altyd bysûnder om te sjen hoe't in konsept op it lêst
werklikheid wurdt. Us minsken betinke wer de moaiste
dingen om it foar elkoar te krijen. Alle betrouwen yn in
moaie foarstelling, dêr't wy ús sechtichste jier waardich mei
ôfslute, sadat we nei in hearlik frisse dûk de takomst fierder
yn 'e mjitte sjen kinne.'***

Yn it jubileumjier is "generaasjes" in wichtich tema. Sa giet *Swimbad* oer in frou op leeftiid, dy't fan de dûkplanke ôf har libben yn it swimbad oersjocht, middels ferskate personaazjes, dy't út it swimbad wei opdûke. In lyts famke, in puber, in jonge mem en in frou mei ûnderfining bygelyks. Ek badmasters en oare figueren dûke op yn dizze foarstelling. De haadrol yn *Swimbad* wurdt fertolke troch Joke Tjalsma. Njonken Tjalsma sille ûnder oaren Marjolein Ley, Anna Raadsveld en jong talinten lykas Lieke Venema en Klaske Smid te sjen wêze yn dizze bysûndere lokaasjefoarstelling fan it jubilearjende toanielselskip. Sjoch foar mear ynformaasje oer *Swimbad*, de foarstellings en de kaartferkeap [hjr](#).

FOTO: LUCAS KEMPER.

Kategory

[Aginda, Nijs](#)

Tags